

ORFEUS

Ik seach dy sitten, allinne
ûnder de spinnekopmûne fan de sinne,
in lette jûn, let juny, do, in skym

harkjend nei it orkest dat by roppend swelleguod,
tommeljend tusken alle hege en
lege C-en troch, in dûns fan Ravel spile.

In rook fan gers kroep mei skimer
de lannen oer en sûnder lûd slingere it spoar,
ienris neamd de Ingel, de ierde yn.

Op kaam in man dy't it ferhaal fan
Orfeus de dwalende die, libjend de dream
en it ljocht foarby syn dûnker ûnder-

ierdsk lot, beselskippe fan goaden
en dieren yn it swijen, stil as
it spinnekopmeallen fan de herinnering.

Blauhûs-Reidmar
juny 2014